

Wat smyt in minske 't bodzjen op

1

Wat smyt in minske 't bodzjen op,
syn hannen terskje hea.
Neat kin hy dwaan dat bliuwend is.
Hy siket lok, mar fynt gemis,
him deljaan kin hy nea.

2

Net te bedjipjen is Gods wurk,
in tsjuster sinsferbân.
Al bliuwe tûzen fragen oer
nei doel en sin fan Gods bestjoer,
wy libje út syn hân.

3

God hâldt ús tiden yn syn hân
en alles krijt syn plak.
Untfang de freugde_as in geskink,
bemin dyn leafste, yt en drink.
Sa komst oan dyn gerak.

4

Ek as it aansten tsjuster wurdt
bliuwt God it ljocht foar dij.
Troch 't gammel leaftek pinket ljocht,
stjerren ferspriede it berjocht:
en dochs wurdt alles nij.

tekst Sytze de Vries – ‘Wat brengt een mens het zwoegen op?’
oersetting David de Jong
meldij Willem Vogel